

Man en frou binne ien,
mar hja moatte oeral
foar twa betelje

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Restauraasje

In boargemaster, keunstskilder en dûmny as pûstetrapers yn tsjerke fan Kûbaard

pagina 3>



Iepenloftspul

In boargemaster, keunstskilder en dûmny as pûstetrapers yn tsjerke fan Kûbaard

pagina 3>



Ynformaasjepaneel

In boargemaster, keunstskilder en dûmny as pûstetrapers yn tsjerke fan Kûbaard

pagina 11>

'It útgongspunt is noch altyd itselde, bern ûnderinoar en lieding ferbine'

Spulwike sette 45 jier lyn mei 'spultsjedagen' yn Wiuwert útein



Kliederje mei ferve, dûnsje en sjonge. De Spulwike is in geweldich grut feest foar de bern en ek foar de lieding.

Foto's Hinne Bokma.

Winsum – It is in jubileumjier foar de spilwike. Dit jier wurdt de spilwike foar de bern fan de basisskoallen foar de 45ste kear holden. Kommende freed is yn Winsum it jubileumfeest. It is begongen yn Baarderadiel en nei de gemeentlike weryndieling wie it foar alle bern fan de basisskoallen yn Littenseradiel. De inisjatyfnimmer fan dit alles is Beb Mulder. Hy wenne doe yn Wiuwert, no yn Ljouwert.

Beb Mulder (78), byldhouwer, grafysk ûntwerper en skilder, wenne mei syn gesin yn in pleats oan de Terp, neist it keatsfild yn Wiuwert. Yn de pleats hie hy ek syn atelier. „Ik fûn it spitich dat de bern yn de fakânsje neat diene. Hja hongen mar wat om“, sa fertelt Mulder. „Ik wurke al in pear jier as rekreaasje-lieder op in camping op Flylân. Sa haw ik doe yn Wiuwert in boer frege om wat striepakken. Anne Schilstra hie genôch ôffal hout foar ús. Ik koe mar útsykje en Anne brocht it op de Terp. De earste kear wie it sa hjit, dat wy hawwe doe mei kuilplastic in grut swimbad makke.“ „Derneist diene wy alderhande

spultsjes, wy hiene in timmerdoarp. De jûns fertelde ik in ferhaal. Dêrneist mochten hja harren ek útlibje yn it atelier. Ik hie doe in bêste help, Auke Poppema. Hy is letter plysjeman wurden op Flylân. Jappie Fokkens, hy wurke by de gemeente, kaam it twadde jier dat ik it organisearre by my mei it idee dat sokke spultsjedagen eins foar alle bern yn de hiele gemeente moai wêze soene. Dat like my ek wol wat. Mar doe kaam der in hiele organisaasje los. De jongelju dy't it liede soene moasten opliden wurde. Dat haw ik doe ek mei in protte wille dien“, jout Mulder oan.



Nei de gemeentlike weryndieling yn 1984 foarmje de gemeenten Baarderadiel en Hinnaarderadiel de gemeente Littenseradiel. As bern mocht Jansien Kamstra fan Wommels graach oan de Spulwike meidwaan. Yn 1996 waard sy ien fan de liedsters en rûgele dernei yn it bestjoer. „Yn 2003 waard de Kultuerried fan de gemeente opdûkt. Dat hold yn dat wy ús sels bedrippe moasten. Wy hawwe in goed oerlis hân mei boargemaster Liemburg en neffens har wie der noch wol in potsje foar ús.“ Doe is ek de Stifting Spulwike oprjochte. Is de Spulwikekrante opsetten, sawol foar de bern as foar de sponsors. Dizze wurdt no as bylage fan Op 'e Skille útbrocht. „It útgongspunt is noch altyd itselde, bern ûnderinoar en lieding ferbine. Fierders is der net folle feroare, allinne de trekkers en weinen binne ferdwûn“, fertelt Jansien. „Ik sit net mear yn it bestjoer, myn eigen bern dogge no mei, mar ik bin noch altyd belutsen by dit moaie barren. Twa jier ferlyn siet ik yn de kommisje foar de takomst Spulwike/ Bis en alle jierren bin ik faaks noch efkes 'foks', it is machtich.“

Ek dit jier binne der wer optochten, wurdt der in survival holden, is der in lied skreaun en sjonge de bern fan Holle Bolle Tsjing. In T-shirt, in fotoliste meitsje foar de groepsfoto, sliepe yn de pleats fan de famylje Flapper yn Weidum, it heard der allegearre by. De ynwenners fan de doarpen Weidum, Easterlittens en Easterwierrum, steane noch altyd klear foar de

bern fan de Spulwike. Dit jier is de feestlike ôfsluting yn Winsum. Om 9.30 oere is de iepening en dan binne der spultsje. Om 12.00 oere wurdt der pan-koeken iten op de Skâns en de slomanifestaasje begjint om 15.00 oere. De jûns is der yn Britswert in gesellige jûn foar alle frijwilligers dy't yn de ôfrûne 45 jier meiholpen hawwe.

Huldige foar 65 jier sâltstruie



In sâltstruier midden yn de simmer op strjitte yn Frjentsjer. Dan moat der wol wat bysûnders te rêden wêze. De tachtichjierrige Hans Jorritsma út Tsjom waard op tongersdei 20 july yn it sintsje setten troch boargemaster Eduard van Zijl fan de gemeente Frjentsjerteradiel. Goed 65 jier hat Jorritsma meiholpen de diken yn syn gemeente frij te hâlden fan snie en izel. Mei de weryndieling op 1 jannewaris 2018 komt der foar Frjentsjerteradiel in moai momint om op passende wize ôfskie te nimmen fan Jorritsma. Doe't er 65 jier lyn mei it sâltstruien begûn, barde dat noch yn in iepen trekker. Hielendal ferkomme kaam er dan wer thús. Tsjintwurdich is dat in komfortabele trekker mei ferwaarming en radio. Jorritsma struide al dy jierren deselde rûte: Tsjom rjochting Wommels en dan fia Wjelsryp werom. It sâlt waard ophelle yn Frjentsjer. Hy ha yn al dy jierren net ien kear fersomme. Sels op syn tachtichste jierde gong er moarns earst noch mei de trekker op in paad om sâlt te struien. Boargemaster Van Zijl spruts syn grutte wurdearing út foar it wurk fan Jorritsma. Op de foto stiet Hans Jorritsma tegearre mei syn frou Minke. Foto: Roelof Jorritsma.

skilder nedich
www.skilder.nl
06 - 53360461

OP
RUIMING
VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL
TSJERKEBUORREN 16, 8831 XH WINSUM (FRL), TEL. 0517 341 268
WWW.IJWSLAAPSPECIALIST.NL | PARKEREN VOOR DE DEUR | VRUJDAG KOOPAVOND

ZATERDAG
5 AUGUSTUS 2017
AANVANG 17.00 UUR
SPORTCOMPLEX
"DE SKOALLESEIZE" EASTEREIN
ENTREE: € 3,- TOT 18 JAAR GRATIS